

# In 19de-ieske keatsyllustraasje

Boppesteande print datearret út it tredde kwart fan de 19de ieu. Hy hat foar 't neist yn in ús fierder ûnbekend boek stien. Op himsels gjin grut keunstwurk, mar dêr is it ek net om te rêden: it giet om de (moralistyske) útlis fan it bekende sprekwurk; 'Die kaatsen wil, moet den bal verwachten'. Dy moraal sit yn de lêste rigel. Wa't in baltsje opslacht, moat tsjinspul (ek oerdrachtlik) ferwachtsje, men kin net alles samar nei jins hân sette. Omdat ôfbyldingen fan keatsen foar 1900 betreklik seldsum binne, nimme wy de print hjirre op.

Boarne: [www.beeldbank.amsterdam.nl](http://www.beeldbank.amsterdam.nl)

De redaksje

*Die kaatsen wil, moet den bal verwachten.*



In 't kaatsen, lieve jeugd! vindt menig knaap behagen.

Hier wordt de bal door Klaas, een jongen sterk en vlug,

Van 't aangewezen punt, met vaste hand geslagen,

En Jan staat op de wacht, en kaatst den bal terug.

Gij vindt hierin een les, houd die staag in gedachten,

Opdat deze u bewaar voor eigenzinnigheid.

Hij toch, die kaatsen wil, hij moet den bal verwachten.

Die 't al wil dwingen, ziet zich deerlijk vaak misleid.